52ste jiergong / nûmer 1 / winter 2018

# UtdeSmidte


**02** **80 JIER**
Lês de taspraak dy't ynterim direkteur-bestjoerder Willem Smink hold by de 80ste Dies Natalis.

**04** **NIJE LEDEN**
Yn septimber waarden fjouwer nije Akademy-leden beneamd. Foardrachten foar 2019 kinne yntsjinne wurde.

**08** **TAALFEROARING**
Undersikers Frits van der Kuip en Marjoleine Sloos yn petear oer it Boarnsterhim-ûndersyk nei taalferoaring doe en no.

**10** **BERTELEPPELS**
Ynformaasje en anekdoates oer berteleppels binne wolkom foar ûndersyk.


## Nije bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer

**Minister fan Ynlânske Saken Kajsa Ollongren en Kommisaris fan de Kening Arno Brok hawwe freed 30 novimber 2018 de nije Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023 (BFTK) ûndertekene yn it taalbelibbingssintrum Obe yn Ljouwert.**

Mei de ûndertekening fan de BFTK jouwe it Ryk en de provinsje ynfolling oan de Wet gebrûk Fryske taal. De oerheden kamen ek oerien dat der goed sjoen wurdt nei de bestjoerlike en finansjele situaasje fan de Fryske Akademy en syn ferbining mei de KNAW.

'Mei de bestjoersôfspraak leit der no de kâns om mei de oanbelangjende partijen ta in sûne en takomstbestindige ynrjochting te kommen foar de Fryske Akademy as wittenskiplik ynstitút,' sa fynt kultuerdeputearre Sietske Poepjes. Fan it advysorgaan Dingtiid ûntfong minister Ollongren in ûndersyksrapport, útfierd troch kennissintrum Mercator, oer de ymplemintaasje fan it Europeesk minderhedehânfêst sûnt de ratifikaasje yn 1996.

## Willem Smink oan it bewâld

Willem Smink is sûnt healwei jannewaris fan dit jier oan it bewâld as ynterim direkteur-bestjoerder fan de Fryske Akademy, neidat direkteur-bestjoerder Hanno Brand yn oerlis mei de Ried fan Tafersjoch syn bestjoerlike taken dellein hat. Smink wie al aktyf as prosesbegelieder om te kommen ta in nij profyl fan de organisaasje.



**Op de grins fan 2018-2019 winskje wy al ús leden, stipers en oare relaasjes noflike hjeldagen en in goed útein fan it jier ta en folle lok en seine yn it jier dat foar ús leit.**

*Graach oant sjen yn 2019!*

**Direksje en meiwurkers Fryske Akademy**

FRYSKE AKADEMY

# Ynhâld

Nije bestjoersôfspraak 1
Willem Smink oan it bewâld 1

**Utjeften**
It Beaken makket ynhelslach 7
De Fryske suvelwrâld 7
De Vrije Fries en it Genealogysk Jierboek 8
Ommelander rjocht 8

**Wurkferbannen/wurkgroepen**
Sympoasium Wurkgroep Maritime Skiednis 11
61ste rige Akademylêzingen 11

**Weromsjen**
Dútske dosinten dogge kennis op 10

**Projekten**
'Hawwe jim lekker oan it tellen west?' 8-9
Berteleppels en oare sierleppels socht 10

**FA-ria**
80 jier Fryske Akademy 2-7
Ried fan Tafersjoch 2
Pân levertraanfabryk ferkocht 3
Nije leden 4
Levi Damsma winner fan de Skripsjepriis 5
Dach fan ut Stadsfrys 5
Beteljen stipe oer 2018 12

**Aginda**
Aginda-oersjoch 12
Paadwizer 12

# 80 jier Fryske Akademy – konstanten en fariabelen

**By de 80ste Dies Natalis fan de Fryske Akademy op freedtemiddei 14 septimber hold ynterim direkteur-bestjoerder Willem Smink de neikommende taspraak:**

Wy binne hjir hjoed yn it Ljouwerter Oranjehotel, as leden, nûgen, stipers, tafersjochhâlders en meiwurkers fan 'e Fryske Akademy, byinoar foar de 80ste jierdei fan 'e Akademy fan Fryslân.

Op 10 septimber 1938 wie yn dit hotel it diner fan 'e Akademy-pleitbesoargers, nei't de oprjochtingsgearkomste fan 'e Fryske Akademy krekt dêrfoar plakfûn hie yn 'e Steateseal fan 'e provinsje Fryslân.

## Yntellektuele refleksje

Al earder wie it idee ûntstien om 'e Fryske mienskip te foarsjen fan in ynstelling foar yntellektuele refleksje.

Dat ferlet wie ûntstien yn 'e rûnten fan lju dy't wearde takenden oan 'e Fryske kultuer, as in teken fan ferbûnens fan 'e ynwenners fan dizze provinsje mei-inoar, mei de eigen taal en mei de skiednis fan 'e Friezen. De Fryske yntellektuele ynfrastruktuer wie doedestiids tin. Der wie fansels al sûnt 1827 it Frysk Genoatskip foar Skied-, Aldheid-, en Taalkunde, mar dat fungearre mear as semy-wittenskiplik foarum. Der waard datoangeande sels praat fan in 'skoalmasterskultuer'.

Mei it oplibjen fan 'e Fryske Beweging yn it Ynterbellum, ûntstie it ferlet fan nije inisjativen foar ûnderwiis en ûndersyk. En, mei't in soad lju har der foar ynspanden, waard op sa'n wize yn 1938 de Fryske Akademy oprjochte as 'De Kroane fen de Fryske Biweging'.

Sjogge wy troch ús eachteisters nei de ûntjouwing fan 'e Fryske Akademy sûnt 1938, dan binne der konstanten en fariabelen. De konstanten binne it omtinken foar de Fryske taal en foar de skiednis fan 'e Friezen. Foar Fryslân en it Frysk. In konstante is ek de dûbele ambysje fan wittenskiplik nivo en regionale relevânsje. Fariabelen binne de sydtûken nei kultuerhistoarje, sosjale wittenskip, literatuer en sels ekonomy en duorsumens.

## Tûzenen wurdboekkaartsjes

Yn 't earstoan lei de klam fan it wittenskiplik wurk benammen op it ta stân bringen fan it *Wurdboek fan de Fryske Taal*. Mei it ynsetten fan 'e eigen meiwurkers en tsientallen frijwilligers waarden tûzenen wurdboekkaartsjes makke. Se binne noch altyd te finen yn 'e burelen fan 'e Akademy, as bewiis fan 'e grutte ynset en belutsenens fan de mannichte oan lju by de Fryske taal. It *Wurdboek* ferskynde yn 25 tsjokke dielen tusken 1984 en 2011. De elektroanyske ferzje waard yn 2010 yn wurking steld troch de keninginne.
Nei ferrin fan tiid woeks ek de niget >>> 03

# Ried fan Tafersjoch

Wybren Eijzenga hat syn sit yn de Ried fan Tafersjoch opsein. Sûnt begjin novimber bestiet de Ried fan Tafersjoch – njonken de no fakante posysje - út:

- Seerp Leistra,
- Houkje Rijpstra,
- Anthonya Visser
- en foarsitter Jacob Fokkema.

# Pân levertraanfabryk ferkocht

**De Fryske Akademy hat it pân fan it eardere levertraanfabryk Draisma van Valkenburg ferkocht. It pân oan 'e Doelestrjitte 2-4 wie desennialang part fan it gebouwekompleks fan 'e Fryske Akademy.**

It ôfstjitten fan it levertraanfabryk komt fuort út 'e yngeande nijbou en renovaasje fan 'e Fryske Akademy tusken 2014 en 2016. Mei de opbringst út 'e ferkeap hat de Fryske Akademy in part fan syn ynbring yn 'e finansiering fan it bouprojekt dutsen.

## Wurkromte

It pân stamt út 1869, doe't it ferneamde levertraanfabryk Draisma van Valkenburg dêryn fêstige waard. It fabryk sleat de doarren yn 1975, wêrnei't de Fryske Akademy it pân yn gebrûk naam en syn wurkromte útweidzje koe. De wurdboekseal en de hânbibleteek waarden ek yn it pân ûnderbrocht.
Yn 1999 folge noch in útweiding fan 'e Fryske Akademy mei kongres- en stúdzjesintrum It Aljemint, yn 'e eardere Noardertsjerke. Dy Noardertsjerke waard yn 2016 omboud ta wurkkompleks foar de wittenskiplike stêf. Dêrmei koe it eardere levertraanfabryk ûntromme en ôfstjitten wurde.
De keapakte fan it pân Doelestrjitte 2-4 is op 13 augustus 2018 passearre. It pân is dêrmei yn hannen kaam fan 'e famylje Gerlofs fan Wurdum, dy't ûnderwilens drok dwaande is om der apparteminten yn te meitsjen.

>>> oan it skiedkundich ûndersyk oan. Der ferskynden gâns stúdzjes mei gritenij- en doarpsskiednissen. Mar ek in ensyklopedy fan Fryslân seach it ljocht yn 1958 en yn 1967 waard een *Geschiedenis van Friesland* útbrocht, destiids de earste syntetisearjende publikaasje oer de skiednis fan in provinsje yn ús lân!

Yn 'e fyftiger en sechstiger jierren waard in grut kultuer-sosjologysk streekûndersyk opset yn 'e Fryske Wâlden. Dy krite hie in problematyske sosjaal-ekonomyske sitewaasje. It ûndersyk, dat wis in wittenskiplike ambysje fertoande, levere mar leafst 51 publikaasjes op!

## Mear wittenskiplike ûndersikers

Ut dy wittenskiplike ambysje wei waarden stadichoan mear wittenskiplike ûndersikers oansteld yn ûnderskate dissiplines. Literatuerkundigen, in regionaal-ekonomysk ûndersiker en sosjale wittenskippers mei de klam op taalsosjology. Yn dy kontekst kaam it troch ZWO (no: NWO) finansiere ûndersyk 'Taal yn Fryslân ta stân.

Dêrmei kaam ek it fenomeen fan 'e meartaligens yn byld. Om dat, ynternasjonaal ta de saak dwaande, ûnderwerp hinne ûntjoech him sûnt 1987 it kennissintrum Mercator, dat gâns Europeeske projekten ta in útdragen ein brocht.

Oan 'e ein fan 'e tachtiger jierren kaam de fraach nei it wittenskiplik ferankerjen fan 'e Akademy op 't aljemint. De needsaak ta it oansluten by de ynternasjonale wittenskip waard dúdlik field. De kar wie de Ryksuniversiteit Grins (RUG) of de Keninklike Nederlânske Akademy fan Wittenskippen (KNAW). De RUG waard as in bedriging foar de autonome posysje fan 'e *Fryske* Akademy sjoen. Doe wiene se yn Fryslân wolris bang fan Grins. Kom dêr no nochris om! In ministerieel beslút forsearre yn 1990 it oansluten by de KNAW. Dêrby waard net in folslein opnimmen yn 'e KNAW-organisaasje foar kar nommen, mar keazen foar in liearjen oan 'e KNAW. Dêrtroch ûntstie in hybride *governance*: it oanstjoeren troch sawol de KNAW, as troch in eigen bestjoer, letter de Ried fan Tafersjoch.

## Ferankerjen

Wy komme dêrmei by in aktueel tema. Want op dit stuit is it ferankerjen yn it nasjonale ynstitute- en ûndersyksbestel fannijs oan 'e oarder. De fraach is: gripe wy de kâns om in mear autonome posysje yn in nasjonaal bestel te krijen, of piele wy troch mei in diffuse *governance*. Wat my en de Ried fan Tafersjoch fan 'e Akademy oanbelanget, is dat in fraach dy't beântwurde wurdt troch him doare te stellen.

Wy moatte mear romte krije foar in eigen koerts! Dat ferget in folslein fielde ferantwurdlikens. En dito *governance*. Minder KNAW en mear Fryslân! Betsjut soks, dat wy ús bruorren en susters fan 'e nasjonale wittenskiplike mienskip dêrmei net mear stean sjogge? Of, minder slim, dat dy ús net mear stean sjogge?

Alhielendat nét! Wy hawwe ferlet fan harren, om 'e kwaliteit fan ús ûndersyk méi helpe te boargjen. Ommers, frjemde eagen twinge! Dêrom sil, op hokfoar wize dan ek, de KNAW tafersjoch hâlde moatte op 'e kwaliteit fan ús ûndersyk. Dat is hiel goed te regeljen mei goede ôfspraken. En dat achtsje se by de KNAW ek in hiele moaie

>>> 04

# Nije leden

*F.l.n.r.: Sjoerd Bootsma, Douwe Draaisma, Sytse Buwalda en Joop Koopmans*

Ynterim direkteur-bestjoerder Willem Smink koe op de Akademydei – fan freed 14 septimber - fjouwer nije leden beneame. **Sjoerd Bootsma** is beneamd op grûn fan syn positive en fernijende ynstelling foar de Fryske kultuer oer. De skriuwende psycholooch **Douwe Draaisma**, dy't tal fan publyksboeken op syn namme te stean hat, waard priizge om de sekuere analyze fan it haperjende ûnthâld fan de âlderein en de kompassy dy't Draaisma sjen lit mei de minsken dy't dêr mei te krijen hawwe. It krewearjen foar, en de oanhâldende niget oan de Biltske taal en kultuer, smiet foar **Sytse Buwalda** it lidmaatskip op. De beneaming fan **Joop Koopmans**, histoarikus oan 'e Ryksuniversiteit Grins, wie op grûn fan syn fertsjinsten foar de Fryske wittenskip. Syn grutte wapenfeiten lizze op it mêd fan 'e politike skiednis fan iermodern Fryslân.

## Leden 2019

Stipers en leden kinne lju dy't neffens harren foar it Akademy-lidmaatskip yn 'e beneaming komme, foardrage. Foar in beneaming op de Akademydei yn 2019 (freed 13 septimber) moatte de foardrachten op syn lêst op tongersdei 31 jannewaris 2019 yntsjinne wêze by de direkteur-bestjoerder. Dêrby moat dúdlik motivearre wurde, wêrom't de foardroegene it lidmaatskip fertsjinnet. At it heal kin, wolle wy ek graach de kontaktgegevens fan 'e foardroegene hawwe. Set jo eigen kontaktgegevens der ek by, want as de foardroegen kandidaat ta lid beneamd wurdt, wolle wy jo ek graach útnûgje.
It brief kinne jo stjoere nei:
Fryske Akademy
Nije leden
Postbus 54
8900 AB Ljouwert

Of oer de e-post nei
direksjesekretariaat@fryske-akademy.nl

>>> *ferfolch fan taspraak Willem Smink*

rolferdieling. Goede ôfspraken dus, dy't ûnderwilens ek op papier steane.

## Lange termyn

Wy binne by de Akademy tige ynteressearre yn 'e *longue durée*. De lange termyn. Wy witte dat soks risiko's ynhâldt, want de waan fan 'e dei slacht foar master op.

Mar de besteansratio fan in ôfsûnderlik wittenskiplik ynstitút sit by útstek yn 'e *longue durée*. Universiteiten binne ôfhinklik fan studinten. Foar elke studint in budzjet. Sûnder studinten gjin budzjet. Wy hawwe sjoen wat oft dat betsjut foar it omtinken foar it Frysk by de universiteiten. Fan 8,3 formaasjeplak werom nei 2,0. Mei alle respekt, want sa sit it universitêre allokaasjemodel no ienkear yninoar.

Us ferantwurdlikens foar it Fryske erfgoed is mei dy wierheid allinne mar grutter wurden. Dat hat oars *mutatis mutandis* ek finansjele konsekwinsjes.

Mar wat hâldt soks winliken yn? Dy *longue durée*? It giet dêrby oan 'e iene kant om ûndersyk dat in djippe tiidsdiminsje hat; fan 'e iere midsiuwen oant no. Oan 'e oare kant giet it ek om ûndersyk fan 'e lange azem.

In pear fenomenen steane dêrby sintraal: De ferhâldings tusken lân en wetter. Tusken lânskip en ekonomy. De ferhâlding tusken folk en wrâld. Tusken identiteit en universaliteit. Tusken minderheid en mearderheid. Tusken lytsskaligens en grutskaligens. Tusken minderheidstaal en mearderheidstaal. Tusken kwaliteit en kwantiteit. Tusken eigenheid en globaliteit. Tusken yndividu en maatskippij. Tusken Frysk en Nederlânsk. Underwerpen, dy't op 'e Akademy yn 'e lêste 80 jier foarwerp fan ûndersyk west hawwe.

Wy hawwe it op 'e Akademy wolris oer de 'Kasus Fryslân' en it 'Laboratoarium Fryslân'. Dat klinkt frijwat klinysk. Mar wat wy bedoele, is dat wy, út in ferwûndering oer en in belutsenens by de Friezen wei, ús dwaande hâlde wolle mei de fraach wat oft hjir bysûnder is en wat oft wy dêr yn it hjir en no en op oare plakken mei kinne.

Lit ús dêr ris objektyf nei sjen. Nei dy lange termyn-saken dus. Yn it foarste plak krijst dan in fielen fan bewûndering.

## Caspar de Robles

Wat hawwe se yn 'e rin fan 'e iuwen yn dizze kontreien bygelyks net wraksele mei it wetter! De Friezen ûnderfûnen geregeldwei de bytiden katastrofale wikselwurking fan lânskip en klimaat. Tink mar ris oan 'e ûnderskate stoarmfloeden, dêr't in soad lju by om it libben kamen.

Dat bringt my eefkes as amateur-histoarikus op Caspar de Robles. Der stiet in búste fan him op 'e seedyk by Harns: de Stiennen Man. Dizze steedhâlder fan Alpha yn wat no binne de trije noardlike provinsjes. Der is ek in myte oer >>> 05





# Levi Damsma winner fan de Skripsjepriis

Levi Damsma is de winner fan de Skripsjepriis 2016-2018 fan de Fryske Akademy. Hy krijt de priis – tûzen euro - foar syn masterskripsje *Middelnederlandse invloeden in het Oudwestfriese Oud Schoutenrecht uit Codex Unia* (2017), dy't er foltôge hat foar de oplieding Historische taal- en letterkunde oan de Universiteit Gent. De priis waard útrikt op de Akademydei.

# Dach fan ut Stadsfrys

*Sprekkers Carmen Peters en Pieter Duijff*

De talen fan sân Fryske stêden kamen oan bod op de 'Dach fan ut Stadsfrys', dy't op sneon 3 novimber yn Frjentsjer holden waard en organisearre wie troch Taalburo Popkema yn 'e mande mei de Fryske Akademy. De moarns waard der in sympoasium holden en de middeis wie it brede publyk wolkom yn de Martinitsjerke, dêr't fanalles te belibjen wie oangeande it Stadsfrys. Kommissaris fan de Kening Arno Brok krige dêr ûnder mear it earste eksimplaar fan *Sprookjes fan Grimm* in ut Stadsfrys oanbean. It boek befettet mearkes yn de Stedfryske talen: Ljouwertersk, Snekers, Boalsertersk, Franekers, Dokkumersk, Harnzersk en Staversk. Hjoed-de-dei binne der in 32.500 minsken dy't it Stedfrysk prate, dêr sit it grutste part fan yn Ljouwert. It Staversk is de lytste fan de sân Stedfryske talen.

>>> him. Nammentlik, dat allinne tanksij dizze Spaanske setbaas fan Portugeesk komôf de Friezen yn steat steld binne om it dykjen tsjin de almachtige see wer oan te fetsjen, nei de Allerheljenfloed fan 1570. Yn ien fan ús publikaasjes yn *It Beaken* fan ferline jier, fan 'e hân fan Kees Draaisma, is oantoand, dat dat ferhaal kolder is.
De Friezen wiene nammentlik sels al lang wer dwaande mei it dykjen! De Robles wie in wrede despoat.

Wat wûnderlik is, is dat sa'n myte sa lang stân hâldt. Dat kin wize op twa saken.
Yn 't foarste plak: wy hawwe oanstriid om as Friezen te leauwen yn mytes dy't ús as omkoallen ôfskilderje.
Op it twadde plak: somtiden binne wy omkoallen, mar litte wy troch wittenskiplik ûndersyk dochs foaral eefkes besykje om nei te gean oft soks yndíéd sa is. Want somtiden binne wy nammentlik gjin omkoallen, mar stege trochwurkers mei in grut kinnen om te ynnovearjen.
In fraach fan grut kultureel belang is oft wy de eigen taal yn libben hâlde kinne. Men tinkt dan, dat soks in Fryske kwestje is. Neat is minder wier! Rûnom op 'e wrâld steane lytsere talen ûnder druk fan harren grutte bruorren lykas it Ingelsk, Sjineesk, Spaansk of Arabysk.

## Ynfloed ynformaasjetechnology

In soad lju sitte yn noed oer de ynfloed fan 'e hjoeddeiske ynformaasjetechnology op ús taalgebrûk en oer de feringelsking fan it ûnderwiis. Prate Friezen skielk gjin goed Frysk mear, gjin fatsoenlik Nederlânsk, gjin écht Ingelsk, mar in dievetaaltsje dat stellen is fan 'e *social media*? Sa hurd sil it net gean, mar troch sokke ferskynsels wittenskiplik te ûndersykjen, kinne wy dy wol better begripe en dêrmei ek de grûnslach leverje foar in fundearre taalbelied, dat derfoar soarget, dat wy it Frysk en alles wat dêr by heart trochjaan bliuwe oan ús bern en bernsbern.

Dat de jongerein troch de sosjale media mear as ea earder Frysk skriuwt, jout oan hoe fitaal oft it Frysk is en hoe wichtich oft it Frysk foar dy jongerein is! Yn sa'n *WhatsApp* brûkst fansels in oar soarte fan Frysk as yn in brief oan Arno Brok, de kommissaris fan 'e kening. It is krekt dy registergefoeligens, dy't fierder ûntwikkele wurde moatte soe en dêrom moat de Fryske Akademy in part fan syn ûndersyksprogramma noch mear oanslute litte op it maatskiplik ferlet. Dêrby moatte wy dan wol ynskikke, dat it Frysk allegeduerigen feroaret. Dy taal moat mei de tiid mei. Op sa'n wize bliuwt it Frysk nijsgjirrich foar de jongerein.

De taal is ek in referinsjeramt. Hoe lang sil it wurd 'skries' noch bestean? Wy yn Gaasterlân neamden dat bistke mei in úthâldingsfermogen fan oer de 4000 kilometer oars in 'grutto', om't dat de beneaming is dy't it bistke yn 'e regel ek oan himsels jout, as 't him yn 'e greide hearst. Op sa'n wize is taal ek in registraasje fan skiednis en fan wearden dy't harren yn 'e skiednis oan ús toand hawwe.

>>> 06

# FA-ria

>>> *ferfolch fan taspraak Willem Smink*

Goed, it hege wurd is derút. De 'grutto'. De 'skries'. Want dy fûgel liket it symboal te wurden fan ús ferlies. 'Kening fan 'e greide.' Dat keninkryk rint op 'e lêste, tinne, skonken. Is dat teloargean ek symptomatysk foar ús taal?

Us lânskip ferskralet. In jiermannich lyn fregeste dy noch wolris ôf wannear't de evolúsje de ynsekten útselektearre hawwe soe dy't harren ein fine op autoruten. De lêste fiif jier wie om dat fraachstik hinne in dramatyske ûntjouwing te sjen. De ruten bliuwe skjin, op in inkel plakje nei. De ynsekten binne fuort! Net troch evolúsje, mar troch it ferskraaljen fan ús natoer. Mei de ynsekten en 'e skriezen ferdwine diminsjes út ús skiednis. Der binne diminsjes dy'tst wol kwyt wolst. Dizze net! En dy fan ús eigen taal ek net.

## Aktualiteit en skiednis

De Fryske Akademy hat in fenomenaal systeem foar it dokumintearjen fan ús skiednis. It histoarysk geografysk ynformaasjesysteem, dat op kadastraal nivo de mannichte oan histoaryske feiten in plak jout yn 'e geografyske kontekst. De *TomTom* fan ús skiednis. Dat systeem is hiel goed te brûken foar it dokumintearjen fan it lânskip. Dêrmei kinne aktuele fraachstikken fan in histoarysk perspektyf foarsjoen wurde. Op sa'n wize kinne wy sokke fraachstikken better bestudearje en neigean oft der bygelyks ek net om te kearen prosessen oan 'e gong binne.

Wa't de aktualiteit mei de skiednis ferbine wol, kin net folstean mei in monodissiplinêre oanpak. Dat smyt de fraach op hoe multydissiplinêr oft de Fryske Akademy wêze kin.
De koarte skets fan 'e histoarje fan 'e Fryske Akademy dy't ik jûn haw, lit sjen, dat der in ûntjouwing west hat fan inkelfâldige ynfalshoeken nei mearfâldige. De lêste jierren sjogge wy, dat, as gefolch fan grutte besunigings, it multydissiplinêre by de Akademy minder wurden is. Wy dogge it no mei taal en skiednis en noch in bytsje mei sosjale wittenskip. Mear budzjet is der net. Wa't soks oars hawwe wol, moat ús mear budzjet jaan!

Der is in fersêftsjende omstannichheid. Us omjouwing is mear wurden as in 'skoalmasters-kultuer'. Yn Fryslân stiet njonkelytsen in behoarlik areaal oan wittenskip. Oer wetter, oer it Waad, oer sosjale fraachstikken, oer taal. Wetsus, de Waadakademy, de Kampus Fryslân, de lektoraten fan 'e hegeskoallen, it Frysk Sosjaal Planburo. Mei de neamde kollega's wol de Fryske Akademy ferbinings sykje, om mei-inoar in permaninte tinktenk wêze te kinnen. En dan binne der noch ús beide buorlju: Tresoar en Afûk. Dy dogge ek nijsgjirrige dingen. Op beskieden wize binne wy dêrmei in foech *humanities cluster* fan Fryslân.

## Krêft

De krêft fan 'e Akademy sit him yn 'e ûndersykstradysje fan it ynstitút op it mêd fan 'e domeinen taal en skiednis. Der is gjin stúdzje fan 'e Fryske taal sûnder ynsjoch yn 'e histoaryske kontekst dêrfan. Der is ek gjin stúdzje fan 'e Fryske skiednis sûnder kennis fan 'e Fryske taal. Sûnder it simultaan oanpakken fan 'e tema's fan taal en skiednis, rekket de Akademy syn ûnderskiedende eigenskippen kwyt.

Yn it proses fan selsrefleksje is de Fryske Akademy der de lêste jierren fan oertsjûge rekke, dat it ynstitút in stikmannich basale taken hat as it te rêden is om it bestudearjen fan it Frysk, de twadde rykstaal fan Nederlân. Konkreet hawwe wy it dan oer ûnder oare it gearstallen fan wurdboeken, mar ek oer it fûneminteel ûndersykjen fan 'e struktuer en 'e lûdlear fan it Frysk. Wat de taalkundige sub-dissiplines oanbelanget, binne der, wat de Fryske taal oangiet, noch altyd grutte lakunes. De basisynfrastruktuer dy't nedich is foar it bestudearjen en trochjaan fan 'e Fryske taal, is noch altyd ûnfolslein. Boppedat binne der nije tapassings nedich om derfoar te soargjen, dat it Frysk ek yn 'e nije ynformaasjetechnology meikomme kin. Wy moatte bygelyks Frysk prate mei robots, selsridende auto's en domoatika. Skriuwhelpen foar it Frysk moatte net allinne de stavering korrizjearje kinne, mar ek suggestjes jaan op sins- en tekstnivo. Sa't dat foar it Nederlânsk jildt, is it ek foar it Frysk needsaaklik om wittenskiplike ekspertize oangeande de taal te boargjen op profesjoneel nivo. It sa goed as ferdwinen fan 'e Fryske taalwittenskip oan 'e Nederlânske universiteiten, makket dy basale taak foar de Fryske Akademy noch wichtiger.
De regionale skiednis moat ek in basistaak bliuwe fan 'e Fryske Akademy. Oan 'e iene kant is der ferlet fan kennis fan it Fryske ferline op himsels, en is ús ynstitút it ienige plak dêr't wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske skiednis waarboarge is. Oan 'e oare kant moat de dissipline skiednis brûkt wurde om 'e ûntjouwing en wurdearring fan 'e Fryske taal trochgrûnje te kinnen.

## Grutte konsekwinsjes

Soks hâldt net yn, dat de Fryske Akademy allinne mar fêsthâlde kin oan it âlde. In pear trends hawwe grutte konsekwinsjes foar de Fryske Akademy, en twinge ta feroarjen. Sa hawwe Europeanisearring, digitalisearring en 'e tanommen mobiliteit derta laat, dat de maatskippij mear ynternasjonaal oriïntearre rekke is.
Tagelyk is it regionale skaalnivo wichtiger wurden, foaral út bestjoerskundich, ekonomysk en kultureel perspektyf wei. De regio wurdt hieltyd mear erkend as it skaalnivo, dêr't krúsjale aspekten fan it deistich libben har yn ôfspylje. Foar de wittenskip jildt, dat it meidwaan mei ynternasjonale

>>> 07

>>> debatten hieltyd wichtiger wurden is. De digitalisearring hat ek grutte gefolgen, omreden fan 'e nije teoretyske en metodologyske kânsen dy't soks biedt. By einsluten moat de wittenskip hieltyd mear ferantwurding ôflizze, en útlizze hokfoar maatskiplik nut oft de ynvestearrings yn ûndersyk hawwe.
De konsekwinsjes fan it krektneamde binne foar de Fryske Akademy twadderlei. De trends fan digitalisearring en regionalisearring biede grutte kânsen foar it ûndersyksprogramma fan 'e Fryske Akademy.
Ek sille it netwurk en 'e projekten fan 'e Fryske Akademy harren mear eksplisyt ferhâlde moatte ta de trends fan ynternasjonalisearring en fermaatskipliking fan 'e wittenskip.
Op beide mêden hat de Fryske Akademy gâns potinsje yn 'e hûs; no is it saak om dy potinsjes strategysk út te bouwen yn nau oparbeidzjen mei de partners út 'e eigen omkriten.
Yntern wurdt socht om in nije struktuer, dy't dissiplinêr ferkokerjen tefoaren komt en mei-inoar oparbeidzjen stimulearret. De ferhâlding tusken de stypjende en wittenskiplike stêf is in punt fan diskusje, krektlyk as de posysje en grutte fan it *management team*. Wy ûndersykje de mooglikheden om mear yn 'e mande te dwaan mei de buorlju fan Afûk en Tresoar. En wy wurkje oan in organisaasjemodel dat liedt ta mear fleksibele ynset fan personiel, minder *overhead* en in gruttere effektiviteit op it mêd fan it eksterne subsydzjewinnen.

Der wurdt in fikse reorganisaasje taret, om de bek nei de byt te setten. Dat is net noflik! It docht sels slim séár foar de persoanen dy't it oanbelanget.
Oer in pear jier sil soks útrinne moatte op in organisaasje mei in lytse fêste stêf, dy't, yn oparbeidzjen mei oare wittenskiplike ynstellings yn 'e omkriten, eksellint ûndersyk op in stikmannich wurkfjilden docht en produkten leveret mei in hege maatskiplike *impact*. Op sa'n wize wit it ynstitút jong talint oan te lûken yn projekten dy't eksterne ynkomsten generearje. En dêrmei kin de Fryske Akademy wer foarút. Faaks nóch wol 80 jier!

# Utjeften

## *It Beaken* makket in ynhelslach




De ynhelslach wat it ferskinen fan nûmers fan *It Beaken* oanbelanget, is noch altiten oan 'e gong. De redaksje hie it earste nûmer fan 'e jubileumjiergong 80 2018 – de Fryske Akademy waard oprjochte yn 1938 en sûnt bestiet *It Beaken* ek al! – nammentlik graach earder útkomme litte wollen. Nije, ûnfoarsjoene, tûkelteammen kearden dat spitigernôch op.

Lykwols foel nûmer 1/2 fan jiergong 80 begjin desimber by de abonnees op 'e matte. It nûmer hat stikken fan Jarich Hoekstra (Kiel), Ferenc Postma (Venlo) en Riemer Reinsma (Amsterdam). Reinsma, âld-leksikograaf en nammekundige, sjocht mei wat distânsje nei de taalkar op 'e plaknammebuorden yn Fryslân fan 'e lêste desennia.
Dêrfoar wie nûmer 3/4 fan jiergong 79 ferskynd, mei in tal lêzingen fan it '1666-sympoasium' fan 'e Wurkgroep Maritime Skiednis yn artikelfoarm. Op dat sympoasium (op 21 jannewaris 2017 yn Harns) kamen ûnderskate nijsgjirrige fyzjes nei foaren oer de Ingelske fuery op Flylân en Skylge fan 1666. De bydragen fan Paul C. van Royen, Adri P. van Vliet, Jaap de Kam, Gijs Rommelse en Roger Downing binne yn *It Beaken* werom te lêzen.
De redaksje hâldt hoek, en hopet dat nûmer 3/4 2018 – in spesjaalnûmer oer literatuer, mei lêzingen fan it Frysk Geasteswittenskiplik Kongres fan ôfrûne april – meikoarten ek ferskine kin.

## De Fryske suvelwrâld

By útjouwerij Het Nieuwe Kanaal ferskynden dit jier twa boeken mei histoaryske stúdzjes oer de Fryske suvelwrâld. *Weten is Kunnen, Kennis is Macht* (€ 22,50) is in skiedskriuwing fan de Boalserter Suvelskoalle (1880-1996) troch Ronald Plantinga en Marijn Molema. Yn *Van melkrijder tot fabrieksdirecteur* (€ 22,50) binne persoanlike ferhalen oer it wurk yn 'e Fryske suvel tusken 1955 en 1980 bondele.

# Utjeften

## De Vrije Fries en it Genealogysk Jierboek

Dizze moanne ferskynt diel 98 fan *De Vrije Fries*, it jierboek dat útjûn wurdt troch it Frysk Genoatskip en de Fryske Akademy. *De Vrije Fries* bringt ús ûnder oaren in tal tematyske artikels oer de ferpyldering en ûntpyldering fan 'e Fryske beweging. Jan Dirk Wassenaar, Johanneke Liemburg en Goffe Jensma litte elk yn har bydrage it ljocht skine op de histoaryske ûntjouwingsgong fan 'e Fryske groepsidentiteit fan in 'swiere' nei in 'lichte' mienskip, oan 'e hân fan figueren lykas G.A. Wumkes en Fedde Schurer.
Dêrneist skreau Han Nijdam in essay oer de ynfloed fan it postmodernisme op it tinken oer de Fryske skiednis en identiteit en hat Anne van Lieshout ûndersyk dien nei de iermoderne Fryske ytkultuer. Tagelyk is it *Genealogysk Jierboek 2018* ferskynd, mei ûnder oaren in stúdzje fan Pieter Nieuwland oer de ferkeap fan it lêste Fryske kleastergoed. It earste eksimplaar fan it jierboek waard oanbean oan ynterim-direkteur Willem Smink op 'e gearkomste fan it Genealogysk Wurkferbân fan 1 desimber.




# Projekten

## 'Hawwe jim lekker oan it tellen west?'

**Al in skoft wurket taalkundige Marjoleine Sloos yntinsyf oan it saneamde Boarnsterhim-ûndersyk, in grut ûndersyk nei taalferoaring yn Fryslân troch ferskate generaasjes hinne. It is in replikaasje fan it ûndersyk dat ûnder lieding fan professor Tony Feitsma tusken 1982 en 1985 oan de Vrije Universiteit dien is. Doe waarden 85 sprekkers út 'e eardere gemeente Boarnsterhim befrege en opnommen. Akademy-kollega Frits van der Kuip wie eartiids ien fan de transkribinten. In petear mei Marjoleine Sloos en Frits van der Kuip oer it ûndersyk fan doe en no.**

Tony Feitsma hie it kreas úttocht. Se woe in grut ûndersyk nei taalferoaring opsette neffens kritearia fan de sosjolinguistyk: sprekkers fan ferskillende generaasjes, opliedingen en sosjale klassen út in stabyl dialektgebiet yn it midden fan Fryslân. 'Mar Tony hie echt muoite om ynformanten te finen foar har ûndersyk. Se hat sels op har âlde widdofyts de doarpen ôfwest om minsken te freegjen om mei te dwaan', fertelt Frits van der Kuip. 'In boer, in boeresoan en in pakesizzer fine, dat wie doe net sa dreech. Mar minsken mei in hegere oplieding, dy't as it even koe dêr ek noch wennen, dat wie hiel lestich.' Marjoleine Sloos hat yn har nije ûndersyk likefolle muoite hân mei it finen fan ynformanten. 'Families zijn niet meer zo groot als vroeger en mensen zijn ook mobieler geworden.' Boppedat is yn trije desennia tiid it opliedingsnivo bot feroare. 'In het oude onderzoek waren boeren laagopgeleid, maar tegenwoordig hebben ze in Wageningen gestudeerd.'

### It 'brún jaske'-ûndersyk

Uteinlik hawwe twa studinten fan Feitsma by 85 sprekkers thús petearen opnommen. 'De ynterviewers hawwe dêr geregeld

*Willem Smink (rjochts) kriget it earste eksimplaar fan it 67ste Genealogysk Jierboek oanbean troch Gosse van der Plaats.*

# Ommelander rjocht

Ofrûne simmer is de mânske stúdzje *Wat is Recht?* ferskynd by útjouwerij Bornmeer (€ 39,90). Auteurs Henk Meijering en Han Nijdam meitsje Aldfryske rjochtshânskriften út 'e Grinzer Ommelannen tagonklik foar in hjoeddeisk lêzerspublyk.
'Voor niet-onderzoekers is het een deugd dat de teksten in hedendaags Nederlands zijn vertaald', sa oardiele de *Leeuwarder Courant*. 'Zo geeft het boek ook een beeld van een wereld van misdaden en boetes. We leren dat het vaders niet vrij staat hun dochters tegen hun wil uit te huwelijken en wat voor boetes er staan op het gooien met bier of het afslaan van testikels; de rechter is duurder dan de linker.'




in pear wiken hinne west en sliepten dan yn Tony har hûs yn Grou', seit Frits van der Kuip. 'Minsken moasten sintsjes foarlêze, en dan in ferhaaltsje, en dêrnei waard der gewoan wat trochpraat. Wy woene witte hoe't minsken har uteren. Dan gie it bygelyks om útspraakferskynsels lykas it ynslokken fan de 'n'. Gekjeiend neamde ik it ek wolris it 'brún jaske'-ûndersyk, om't dy 'n' fan 'brún' yn it Frysk fuortfalt. Dat bylûd ferdwynt troch de noas.'
'We doen het nu weer precies zo', follet Sloos oan. 'Er is veel mogelijk als je het onderzoek zo nauwgezet mogelijk repliceert. Zo zien we dat de leesvaardigheid in grote lijnen wel is toegenomen in het Nederlands en Fries. Vroeger had men vaak moeite met Nederlands lezen, en Fries lezen was toentertijd voor veel mensen vrijwel onmogelijk. Maar inmiddels krijgen Friezen ook Fries op school.'
Wat Sloos ek opfalt by it ferlykjen fan de âlde en nije opnamen, is hoe't minsken ferhalen fertelle. 'Ik heb een paar keer gedacht, dat mensen vroeger beter konden vertellen. Veel verhalender en onderhoudender. Mensen hadden er meer rust en tijd voor. Ook heb ik de indruk dat men nu veel sneller praat over het algemeen.'
Van der Kuip: 'Der wie ek in jonge by, dy koe omraak prate, oer dat er mei in frachtwein nei Spanje ried, dy wie in wike ûnderweis mei fee. Mar oer it algemien wiene it âldere minsken dy't sa goed fertelle koene. Dat, it kin ek mei âldens te krijen hawwe.'

## Doazen mei keattingpapier

Mei Els van der Geest en Irénke Meekma ferwurke Frits van der Kuip it materiaal. 'Germen de Haan, de heechlearaar Frysk út Grins, sei ris iroanysk tsjin my: 'Hawwe jim lekker oan it tellen west?' Hy fûn dat kwantitative ûndersyk mar neat. It wie in ôfgryslik soad wurk. Earst transkribearren Els en ik dy teksten, en dêrnei ferwurke Irénke it mei statistyke software, SPSS. En de hiele nacht draaide SARA, dat wie it akademysk rekkensintrum, dêr't wy doazen mei keattingpapier weihellen. Tsjintwurdich giet it wat minder primityf, mar dat wie doe hiel wat. Tony wie nammentlik sawat de earste op 'e Vrije Universiteit dy't it brûken fan kompjûters yn har ûndersyk propagearre.'
'Dit was sociolinguïstisch gezien voor die tijd een zeer geavanceerd onderzoek', stimt Sloos mei. 'Het was heel goed opgezet, maar van de 85 sprekers zijn er maar 36 mannen en 8 vrouwen geanalyseerd. Ik ga de analyse opnieuw doen, om te kijken of we tot dezelfde resultaten komen.'
Oer it belang fan replisearjen is op it stuit in soad diskusje yn 'e wittenskip. 'Het is ook in de taalkunde goed om onderzoek over te doen. Wij onderzoeken vaak kleine groepen mensen. Van daaruit kun je niet generaliseren, maar dat wordt wel steeds gedaan. We generaliseren steeds naar de hele taalgemeenschap, en de vraag is of dat terecht is. Als je een onderzoek herhaalt, komt er misschien iets heel anders uit.'

Mear oer it Boarnsterhim Korpus: www.fryske-akademy.nl/bhc

# Projekten

## Berteleppels en oare sierleppels socht

**Yn in soad famyljes binne se bekend: de sulveren berteleppels mei in ynskripsje fan ien syn namme en bertedatum, as geskink of as erfstik. Foar in ûndersyk nei dy tradysje binne de Fryske Akademymeiwurkers Han Nijdam en Richard de Boer op 'e syk nei besitters fan berteleppels of oare sierleppels mei in ynskripsje.**

Yn it ûndersyk fan Nijdam en De Boer is it te rêden om de fraach hoe't de sulveren sierleppel ûntstien is en him as tradysje troch de tiden hinne ûntjûn hat. It meast foarkommend is de berteleppel, mar der binne ek wapenleppels, houliksleppels, begraffenisleppels en oare sierleppels (soms ek foarken) mei ynskripsje bekend.

Hawwe jo berteleppels of oare sierleppels? Lit it de Fryske Akademy witte! Stjoer ús de folsleine ynskripsje op de leppel(s) yn jo besit en, as it mooglik is, in foto fan it guod. Giet it om in eigen geskink, om in famylje-erfstik, of kocht antyk? Witte jo mear oer de persoan(en) op de leppel, of anekdoates dy't dêrmei ferbûn binne?

Nim kontakt op mei ús fia e-post: leppel@fryske-akademy.nl, en sjoch ek op ús website: www.fryske-akademy.nl/leppel. De ynformaasje oer de leppels lizze wy fêst yn in database en ferwurkje wy neffens de jildende privacywetjouwing (AVG).

# Weromsjen

## Dútske dosinten dogge kennis op

**Learkrêften út Noard-Fryslân (Dútslân), út ferskate nivo's fan it ûnderwiis, hawwe op moandei 19 en tiisdei 20 novimber in besite brocht oan de provinsje Fryslân. Cedin en it Mercator Europeesk Kennissintrum fan de Fryske Akademy hawwe de besite organisearre en in programma gearstald, dat rjochte wie op de útwikseling fan ekspertize en ynformaasje oer it Frysk yn it ûnderwiis.**

### Systematyske tapassing mist

De learkrêften hawwe ûnder oaren in besite brocht oan Cedin, Mercator/Fryske Akademy en in trijetalige skoalle. It plan is dat takom jier in tsjinbesite fan learkrêften út Fryslân oan Noard-Fryslân plakhawwe sil. De oanbelangjende partijen hoopje yn de takomst op in mear struktureel oparbeidzjen tusken de twa Fryslannen op de mêden ûnderwiis en wittenskip.

It Frysk wurdt op it stuit yn de Noard-Fryske taalregio yn Dútslân op in stikmannich skoallen oanbean as fak en op in pear skoallen brûkt as ynstruksjetaal. Dochs hat bliken dien dat it ûntbrekt oan in systematyske tapassing fan de taal yn it ûnderwiis. Dêrneist is der in tekoart oan lesmateriaal, dat derfoar soarget dat learkrêften gauris harren eigen materiaal meitsje moatte, of al besteand materiaal nei it Frysk oersette. Neist in tekoart oan systematyk en materiaal, is der in tekoart oan learkrêften yn it basis- en it middelber ûnderwiis. Soks hat as gefolch dat it entûsjasme fan learkrêften Frysk yn Dútslân stadichoan minder wurdt.

### Entûsjasme fersterkje

It inisjatyf is ek fan belang foar Fryske wittenskippers, om't der in tekoart oan wittenskiplike kennis is oer it ûnderwiis yn de Noard-Fryske taalregio. Geregeld kontakt tusken learkrêften en wittenskippers út beide Fryslannen kin der foar soargje dat it entûsjasme foar it Frysk yn it ûnderwiis fersterke wurdt en dat mei-inoar neitocht wurde kin oer de hjoeddeistige tûkelteammen.

# Sympoasium Wurkgroep Maritime Skiednis

## Tradisjonele fiskerij op 'e Sudersee en it Waad

**Jollen, kwakken, skokkers, botters, aken en blazers. It binne allegear nammen fan skipstypen dêr't mei fiske waard yn 'e eardere Sudersee en op it Waad. By it fiskjen waarden ûnderskate techniken brûkt. De fiskerij wie in tradisjoneel bedriuw dat fan frijwol alle plakken oan see út bedreaun waard, mei eigen wizânsjes en klaaiïnge.**

### 'Farrend erfgoed'

Dy tradisjonele fiskerswrâld is foar in grut part ferdwûn troch it oanlizzen fan 'e Ofslútdyk. Wy kinne der noch wat fan sjen yn it Suderseemuseum en op 'e Iselmar farre noch ta plezierboat omboude fiskersskippen, dêr't guon de kwalifikaasje 'farrend erfgoed' fan hawwe.

De Wurkgroep Maritime Skiednis fan 'e Fryske Akademy organisearret op sneon 19 jannewaris 2019 fan 13.30-18.00 oere in sympoasium oer de skiednis fan dizze tradisjonele fiskerij. Dêr wurdt ek omtinken by jûn oan it jongste ferline en oan 'e sitewaasje fan hjoed de dei. It sympoasium wurdt holden by Tresoar oan de Bûterhoeke 1 te Ljouwert.

### Seis lêzings

Der steane seis lêzings op it program: *Ontwikkeling van de zeilende vissersschepen* (Frits Loomeijer, ûntwikkelder yn maritime kultuer); *Het visboek van Adriaan Coenen* (Ad Leerintveld, konservator Moderne Handschriften); *Traditionele vistechnieken* (Rob Leemans & Peter Tolsma, leden Wurkgroep Maritime Skiednis mei oandachtsgebiet tradisjonele fiskersskipen en fisktechniken); *Vissersgemeenschappen* (Marloes Kraan, ûndersiker); *Rampen op de vissersvloot* (Hans Zijlstra, senior projektmanager, publisist en eigener advysburo) en *Visserij heden ten dage* (Barbara Holierhoek, foarsitter fiskers- en fiskerijferiening en bestjoerslid Nederlandse Vissersbond).

### Opjaan

It sympoasium is foar elkenien tagonklik. Opjefte en beteljen (€ 5,00 de dielnimmer) oer ynternet hat ús foarkar: www.fryske-akademy.nl/visserij Mocht opjaan op dy wize net slagje, dan kin telefoanysk kontakt opnommen wurde mei it sekretariaat fan 'e Fryske Akademy: (058) 213 14 14. Opjaan kin oant en mei tiisdei 15 jannewaris 2019.

# 61ste rige Akademylêzingen

**Nei de feestlike ôfsluter fan de 60ste rige ôfrûne maart yn de Ljouwerter skouboarch De Harmonie, is it no wer tiid foar in 'gewoane' rige Akademylêzingen, de 61ste. Dy is út ein setten mei sa'n 320 dielnimmers by de earste lêzingedei op freed 23 novimber. Dr. Eric Hoekstra en Sieta van Keimpema kamen dêrby oan it wurd, sawol op 'e Jouwer as yn Ljouwert.**

Sieta van Keimpema (Dutch Dairymen Board/European Milk Board) hie as tema: 'Nieuw landbouwbeleid en de mogelijke gevolgen voor boer en consument' en Eric Hoekstra (Fryske Akademy) gie neier yn op: 'Sjoch de minske: ding of geast? Wat de wittenskippen ús te fertellen hawwe'.

### Twa lêzingedagen

Der folgje noch twa lêzingedagen dit winterskoft: tiisdei 22 jannewaris en freed 15 maart 2019. De lêzingen op 22 jannewaris wurde holden troch mr. Maria van de Schepop (presidint Rechtbank Noord-Nederland): 'Rechtspraak maakt samenleven mogelijk' en Mirjam Vossen (sjoernalist en mediaûndersiker World's Best News): 'Het gaat beter met de wereld dan u denkt'. Op de lêste lêzingedei – 15 maart – komme prof. Marike Lancel (Rijksuniversiteit Groningen) en drs. Hinrich Slobbe (dosint finansjeel management) foar it buordsje. Lancel hat it oer 'De invloed van slapeloosheid op ziekten' en Slobbe oer 'Bitcoin en blockchain'.

### Oanslute

Wa't noch oanslute wol by de lêste twa lêzingedagen – en him of har noch net opjûn hat – is fan herten wolkom. Dielname kostet € 30,00. Opjaan en beteljen kin fia www.fryske-akademy.nl/akademylêzingen

# Paadwizer

**Fryske Akademy**
Wittenskiplik sintrum fan Fryslân

Coulonhûs
Doelestrjitte 8
Postbus 54
8900 AB Ljouwert/Leeuwarden
Telefoan: (058) 213 14 14
E-post: fa@fryske-akademy.nl
Ynternet: www.fryske-akademy.nl
Twitter: @FryskeAkademy
Facebook: facebook.com/FryskeAkademy
Rekkennûmers NL30RABO0130549681
NL32INGB0000923369

**Kontaktpersoanen**
Ried fan Tafersjoch
Foarsitter: prof. dr. ir. Jacob Fokkema
Heechleararen
Amsterdam (UvA): prof. dr. Arjen Versloot
Grins: prof. dr. Hanno Brand
Leien: prof. dr. Hans Mol
Direkteur-bestjoerder (a.i.): drs. Willem Smink
**MT-leden**
- drs. Cor van der Meer, projektlieder Mercator Kennissintrum
- dr. Marijn Molema, senior ûndersiker/projektlieder
- drs. Jos Tjalsma, haad Algemiene Saken
- dr. Hans Van de Velde, senior ûndersiker/projektlieder

## Kolofon

**Ut de Smidte fan de Fryske Akademy**
blêd foar leden en stipers
**Stipersbydrage**
De stipersbydrage foar 2019 is op syn minst € 25,00. Foar stipers yn it bûtenlân en foar studinten binne de bedraggen respektivelik € 35,00 en € 20,00.
Yn kombinaasje mei It Beaken, it wittenskiplik tydskrift fan de Fryske Akademy, komt de bydrage op € 45,00. Stipers yn it bûtenlân betelje dan € 60,00 en studinten € 25,00.
It opsizzen fan it stiperskip moat fóár 1 desimber skriftlik trochdien wurde oan de stipersadministraasje fan de Fryske Akademy.

**Redaksje** Mettje de Vries/Richard de Boer

**Kopij kin oer de mail stjoerd wurde oan:**
redaksje@fryske-akademy.nl
Mei de gewoane post nei:
Ut de Smidte
Postbus 54, 8900 AB Ljouwert/Leeuwarden
tel.: (058) 213 14 14

**Basisfoarmjouwing en opmaak**
GPNo, De Jouwer

**Fotografy**
Fryske Akademy en Willem Duijff

**Printer**
Van Leer & De Jong, St. Anne



# FA-ria

## Beteljen stipe oer 2018

De measte stipers hawwe ûnderwilens harren bydrage oer 2018 oan de Fryske Akademy oermakke, werfoar tige tank. Wolle dyjingen dy't it noch net dien hawwe, dat foar 31 desimber oankommend ynoarder meitsje, sadat ús finansjele administraasje it boekjier goed ôfslute kin? Yn ûndersteande tabel kinne jo sjen om hokker bedrach oft it foar jo giet. Dat graach oermeitsje op: NL30 RABO 0130 5496 81, ûnder fermelding fan 'Stipe 2018' en jo namme.

| | Stipe 2018 | Stipe 2018 + tydskrift It Beaken |
|---|---|---|
| Yn Nederlân | € 25,00 | € 45,00 |
| Bûten Nederlân | € 35,00 | € 60,00 |
| Studint | € 20,00 | € 25,00 |

# Aginda

**De neikommende gearkomste-data wiene bekend op it stuit fan gearstallen fan dit nûmer fan *Ut de Smidte.* Hâld ek de aginda op ús thússide, www.fryske-akademy.nl yn 'e rekken en sjoch op ús Facebook en Twitter foar aktueel nijs oangeande aktiviteiten.**

**Sneon 19 jannewaris 2019**
13.30 oere: Sympoasium Wurkgroep Maritime Skiednis: 'Tradisjonele fiskerij op 'e Sudersee en it Waad', Tresoar, Ljouwert, sjoch ek side 11 fan dit nûmer fan *Ut de Smidte*

**Tiisdei 22 jannewaris 2019**
10.00 oere: Akademylêzingen yn De Koperen Tuin, Ljouwert en Sealesintrum It Haske, De Jouwer, sjoch ek side 11 fan dit nûmer fan *Ut de Smidte*

**Tongersdei 14 febrewaris 2019**
19.45 oere: Gearkomste Argeologysk Wurkferbân, Fryske Akademy, Ljouwert

**Freed 15 maart 2019**
10.00 oere: Akademylêzingen yn De Koperen Tuin, Ljouwert en Sealesintrum It Haske, De Jouwer, sjoch ek side 11 fan dit nûmer fan *Ut de Smidte*

**Tongersdei 18 april 2019**
19.45 oere: Gearkomste Argeologysk Wurkferbân, Fryske Akademy, Ljouwert

**Woansdei 22 o/m freed 24 maaie 2019**
17de International Conference on Minority Languages (ICML XVII), WTC, Ljouwert

**Woansdei 12 o/m freed 14 juny 2019**
10de International Conference on Historical Lexicography and Lexicology (ICHLL), WTC, Ljouwert

**Woansdei 26 o/m freed 28 juny 2019**
10de International Conference on Language Variation in Europe, ICLaVE, WTC, Ljouwert

**Freed 13 septimber 2019**
14.00 oere: Akademydei, Ljouwert

*(Advertinsje)*